Lyturgy Oentsjerk 15.11.26

‘Oer in strikfraach, it ivige libben en appelsmots.’

Psalm 98: 1 en 3.

1 Lit no in nije lofsang hearre,
in liet sa’t noait in liet begûn!
’t Is foar de Hear, dy’t triomfearre,
syn rjochterhân hat réding jûn.
Syn hillige earm die wûnderdieden,
dy’t alle folk op ierde sjocht.
Hjir is it klear te ûnderskieden:
Hy kaam en holp us oan ús rjocht.

3 Bring, ierde, oan dy hillige Heare
mei snaar en tonge hulde en tank!
Trompetten, jou de kening eare,
bazunen, kom mei gouden klank!
Sjong by de harpen en de lieren,
gean óp mei sang en ynstrumint
om dizze grutte dei te fieren
foar God, dy’t keninklik oerwint!

Votum / Groet / Gebed om ûntferming

Ps 33: 5 en 6

5 Heech út de himel lit de Heare
oer alle folk syn eachweid gean.
Hy, yn de ivich ljochte sfearen,
Hy ken, Hy grûnet har bestean.
Hy wit fan de minsken, / fan har wurk en winsken
’t wiid en breed ferbân.
’t Hert fan allegearre, / Hy hat it formearre,
makke mei syn hân.

6 Wa’t him ferlit op legerbinden,
op domme macht syn sinnen set,
him stoart de Hear yn djippe ellinden;
hoe heech yn ’t seal, it baat him net.
Wa’t op God net bouwe, / op harsels betrouwe
mei har wapenris,
rinne yn ’t ferdjerren / sûnder sjen of hearren,
wêr’t gjin rêding is.

Gebod: Mk 12: 28-32

Lied 1000 1, 2, 3, 4, en 5

1 Wy seagen hoe’t de fuotstap fan ús God
ús libbenspaden krúste.
Wy seagen ’t leafdefjoer, it lôge op
foar de earmen yn it tsjuster.

refrein:
Sil Er wer komme yn ús minskelân
ús stiennen herten twinge?
Sil Er wer komme om mei golle hân
leafde en ljocht te bringen?

2 Wy seagen minsken, opstien út it neat,
bloeien as teare blommen.
Wy seagen ’t wrâldomfiemjend dageread
fan in nije frede kommen.
refrein

3 Wy seagen wa’t earst ûngelokkich wie
dûnsjen fan kleare blidens.
Wy seagen by wa’t earst gjin útsjoch hie
nije hoop op oare tiden.
refrein

4 Wy seagen rike minsken hinnegean,
earmoede yn har herten.
Wy seagen earmen rjocht en rizich stean,
al har tsjuster wie fergetten.
refrein

5 Wy seagen God mei iepen earmen stean,
dér kaam de soan op hûs oan.
Wy seagen ’t hert fan God wiid iepengean:
in fontein fan libben brûze.
refrein

Gebed om de Ferljochting mei Gods Geast

Lêzingen: Exodus 3: 1-10

Wy sjonge Psalm 115: 1 en 3

1 Net ús, o Hear, net ús komt gloarje ta,
mar Jo allinne moatte de eare ha,
dy't trou en leafde binne.
Hoe sizze dan de folken fan rûnom
oer Jo yn jo ferheven hillichdom:
Wêr is dy God fan jimme?

3 Hja binne dôf, har eagen sjogge neat,
har fuotten binn' ta gean net iens by steat.
Har tonge kin net priuwe.
Gjin rook fan offers streaket oait har noas.
Sy dy't har makken sille, grif net oars,
like ûinmachtich bliuwe.

Markus 12 18-27

Wy sjonge Lied 838: 1 en 3.

1 O grutte God, de leafde sels,
o Heit op wa't wy bouwe,
kom yn ús hert, dat wy ússels
yn leafde oan Jo jouwe.
Meitsje ús it ljocht fan dizze wrâld
en foar de ierde sâltsjend sâlt.
Lit ús jo wurden sizze,
jo wierheid iepenlizze.

3 Lear ús de godlik-wize wet
fan leafde te bewarjen,
dat wy net yn in tizelnet
fan striid en skeel bedarje.
Lis op ús lippen 't âlde wurd
dat op jo bân mei minsken tsjut.
Doch troch ús dwaan en litten
jo hearlik wurk te witten.

Preek

Lied 866 : 1 en 2

1 Salang't my 't libben gund wurdt hjir op ierd',
sil ik myn kening loovje yn myn liet
mei mûle en hert, mei 't lûd fan sang en klang.
Ut djippe fal, út lijen en fertriet
hat Hy my helle en ta syn keppel fierd,
Him moat ik sjonge al myn dagen lang.
Syn bitter lijen / brocht my befrijen.
Syn hert is mynt, / myn hert is synt,
treurigens moat wike, / fleurigens mei blike,
no't Jezus him, / no't Jezus him oan my ferbynt.

2 As ik mei ynmoed ta Him bid en klei,
as Him myn tonge priizget nacht en dei,
as ik Him tsjinje as bliid betrouwend bern,
al hoe't de wrâld myn heil ferhúnje mei,
myn lok bespot, ik harkje dêr net nei,
om't ik de Hear as myn ferlosser ken.
Sa't Hy it foeget, / 't my wol fernoeget,
sa't Hy it seit, / sa't Hy it leit —
Hy is de bêste, / de earste en léste,
Him haw ik leaf, / Him haw ik leaf yn ivichheid.

Gebeden

We slúte of mei: ‘God fan fier en hein’

1. God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

2. Bûch de folken nei jo wet,
lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

3. Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa’t ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy’t skuldich foar ús stiene.

4. Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvels macht,
Hear, ferlos ús fan ‘e kweade.

5. God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen

Collecte

Slotlied 655: 1, 2,3,4

1 Sjong foar de Hear in nij gesang!
Hy lavet jim in libben lang
mei wetter út ’e hurde stien.
Hy is yn wûnders mei jim gien

2 Hy giet jim foar yn wolk en fjoer,
gunt oan jim dagen rêst en doer
en jout se sin in libben lang.
Sjong dan de Hear in nij gesang!

3 In lofliet oer Gods wûindere rie,
dat nóch jim namme net fergie,
mar op ’e nij wer berne is
út wetter en út tsjusternis.

4 De hân fan God docht foar en nei
syn tekens fan gerjochtichheid.
Syn Geast sil altyd mei ús gean,
dat wy dy tekens goed ferstean.

Seine